[0285] HJERRE GERRITS VAN DER VEEN EN SYN „TWAALFTAL ZANGSTUKJES" FAN 1837

Op side 13 fan syn wurk oer Hjerre Gerrits van der Veen, yn 1955 to Drachten forskynd, tekent Wadman by de fjouwer Hollânske wurkjes, dy't dy 19de-ieuske skriuwer op syn namme stean hawwe soe, oan, dat dy net to bisetten wiene. Ik mocht dus wol fan gelok sprekke, doe't my okkerdeis it earste fan dy fjouwer wurkjes yn 'e hannen kaem, yn al syn ûneachlikheit forsille tusken de neilitten papieren fan in forstoarne omke, dy't it licht mear biwarre hie om de persoan fan de brûker as om dy fan de skriuwer. De titel is *Twaalftal/ zangstukjes / (tweestemmig) / voor / jonge kinderen. / Ten dienste van Scholen en huisgezinnen. / Te Leeuwarden bij/ H. C. Schetsberg. / 1837.* Op it titelbled in fynjetsje en IX + 25 siden great; nûmere binne de siden VI-VIII en 1-24. Myn eksemplaer is ynnaeid yn in frijhwat rûch (en faeks net origineel) ûnbiprinte griis omslach. It formaet is 10 by 17,7 sm.; faeks is it yn 'e breedte hwat biknipt. Om it boekje sit in kaft en dêr is yn poatlead opskreaun de namme G. Haites. Dat kin oars net wêze as Gerben Sjoerds Haites, berne to Grou op 13.7.1828, dêr letter timmer- en houtstekfeint, forstoarn to Nimwegen op 7.12.1902. Dy moat op skoalle west hawwe by master Hjerre yn syn Grouster tiid en hat licht noch krekt profitearre fan it boekje, dat neffens it foarwurd ornearre wie foar bern fan seis oant en mei acht jier.

Side I is dus it boppe al werjowne titelblêd, side Il is wyt, op side III-IV stiet in opdracht, op side V-V1 in foarwurd, op side VII-VIII sitaten út wurk fan Van Heijningen Bosch, Prinsen en Schreuder, Van Alphen, Nieuwold, Hering; op side IX komt de ynhâld. Dêrnei folgje op 'e oneven nûmere versosiden de meldijen mei tusken de balken de earste strofe, wylst op 'e even nûmere rectosiden de oare strofen steane. Meiïnoar dus tolef sankjes: Het leergrage Kind, Dankliedje bij het te bed gaan, De kleine Vaderlanders, Lenteliedje, Het goede Kind, Het vergenoegde Kind, Het arme Knaapje, Loon der Vlijt, Meiliedje, Dankliedje bij het ontwaken, Landliedje om te zingen als het mooi weer is, De Zomeravond. Side 25 is wer wyt. De opdracht is ûnderskreaun mei DE RYMER, it foarwurd mei DE SCHRIJVER. It boekje is dus anonym forskynd. Ut it `Voorberigt' twa oanhalen: "Wat de muzijk aanbelangt: deze is genomen uit HERING'S Musikalisch Volksschulen-Gesangbuch, met verandering van sleutel. Alleen de tegenstemmen van nommer 2, 4, 5, 7 en 12 zijn eenigszins gewijzigd, daar deze oorspronkelijk driestemmig waren". - "Hoe zeer ik vrijmoedig kan verklaren, dat ik bij niemand, vóór het maken dezer liedjes, ben te gast geweest, beschouw ik alle aangeleerde kundigheden echter als overgeërfd goed; en daar ik mij ook, wat den geest en het onderwerp der stukjes betreft, de denkbeelden van sommige in dit vak beroemde mannen heb eigen gemaakt, en enkele malen zelfs wel, tot het maken van een liedje, door versjes, in hunne geschriften voorkomende, op den weg werd geholpen, achtte ik het niet ongepast, eenige van hunne gedachten, in plaats van eene meer ontwikkelde Voorrede, voor de mijne te nemen".

De opdracht jildt it boaike Johannes Galenus Willem Hendrik van Sytzama, berne to Friens op 26.10.1830 en forstoarn to Oldebroek op 23.8.1907, op

dat stuit wierskynlik dus seis jier âld, soan fan Maurits Pico Diderick van Sytzama, grytman fan Idaerderadiel en wenjend op Beslinga to Friens. Nou is it bikend, dat Hjerre Gerrits it grytmanssoantsje les joech, "mar" seit Wadman (o.w. s. 30), "as it boargemasterssoantsje /... / letter sels Boargemaster wurdt fan Tytsjerksteradiel, in gemeente dy't oan Dantumadiel [dêr't Van der Veen letter skoalmaster wie] grinzget, jowt it gjin freonskip /... / By myn witten hat er dizze Johannes Galenus Baron van Sytzama letter nea neamd". Né, it is grif bleaun by dizze iene opdracht. Dy is sa:

OPDRACHT/OÄN/DE WOL EDEL HEECH GEBOREN JONKER/JOHANNES GALENUS WILLEM HENDRIK,/Baron van SYTZAMA./

To eare, Jonker! fen Jins namme,
To eare fen dy frysce stamme,
Baron VAN SYTZAMA!
Daer Jou ien griene spruet fen binne
Dy stamm', dy 't Lân sa heilsam tsjinne,
To eare daer fen bring ick Jou,
Hear Jonker! mei dit buwkje nou
Myn heege achting ta.

O! dat w' yn Jou dat byld waer sjogge
Fen Jonkers faer, in Jou 'r is dogge,
Hwet hy 'r is die foär 't Lân;
Den scille Dichters oän Jou tinke,
In heeger sangen foär Jou klinke,
Den sjonge uws Tollensen noch ta:
"Ear, Folken! ear VAN SYTZAMA!
"De steun fen Nederlân!!"

Ja, Jonker! ja - Jou, dy wy yitte,
De hoape fenne takomst hjitte,
Jou ear ick yn myn hert:
Och! dat Jou God yn 't libben sparret!
Wit waer Hy Jou noch ta bewarret!!
Mar - hwet Je wirdde, ier as let,
O Jonker! 'k bid it uwt myn hert:
Forjit uws *Scoällen* net!

Mei de greatste heechachting haw ick de eare / my neame to meyen, / Wol Edel Heech Geboren Jonker! / *Jonkers gehoarsimste, tsjinstfirdigste / en leafhabbende tsjinner* / DE RYMER.

Net allinnich de relaesje met de Van Sytzama's, mar ek de stavering wiist op Hjerre Gerrits, sa b.g. *oä* foar it 'opgeande twielûd' *oa,* ek yn *oän,* dat to Grou net sein wurdt, mar thúsheart yn 'e hoeke dêr't Hjerre Gerrits syn heit weikaem, Urterp en omkriten (forl. J. J. Hof, *Friesche dialectgeographie,* s. 73). Hjerre Gerrits hat sûnder mis mear dingen yn syn tael hawn, dy't fan it Grousters ôfwieken. Hy skriuwt him soms Hj. Gj. en dat moat dus sokssahwat west hawwe as Hjerre Gjerrits of Hjerre Gjerryts, mar to Grou haw ik fan de âlden nea oars heard as Hjerre Gerrits.

It opdrachtfers mei dan net de tagedienens útwurke hawwe, dêr't Van der Veen yn syn hast feodale needrichheit op hope hie, ús jowt it it rjocht om de datum fan it bigjin fan syn publisistyske warberens op it Fryske mêd mei

sawn jier nei foaren to skouwen, hwant Wadman neamt as earst útkommen wurk de *Rymkes foär Friesen* út 1844. Dêrby foeget it oan 'e bonte rige fan syn útjowers ien ta, hwant Schetsberg wie dêr noch net by. De ûnwissens oer it skriuwerskip fan de *Twaalf zangstukjes,* dêr't Wadman yn noat 1 fan side 13 fan rept, is nei it boppesteande nim ik oan wol weinommen.

Teake Hoekema.